

Iepenloftspul yn it Heidenskip

Dizze poster is makke om elkenien witte te litten dat we drok dwaande binne mei in iepenloftspul.

De titel fan it stik sil wêze: “de Kening stjêrt”. It sil spile wurde yn in stik lân oan de Ursuladyk bij Evert en Dora foar de glêzen.

Nei de earste snee gers, ja der ha we fansels mei te meitsjen, en foar de twadde snee sil it spile wurde. En wol op 11,12 en 14 juny 2014. De haadrolspilers binne al, mei wille, oant oefenjen. Der wurde al wat klean naait. En de bouploech hat ek al fergadere. It korps sil wer mei dwaan en der sitte wer in pear prachtige sjongnummers yn. Ek is it de bedoeling dat der wer jeugd mei spylje sil.

De oanlieding om it stik: “de Kening stjêrt” te spyljen, is de fraach dy’t ús en

in hiele soad oare Friezen dwaande hâld nammentlik: Wat wolle wy mei it Fryske lânskip.



We kinne it mei eigen eagen sjen; de efterútgong fan greidefûgel- en oare weardefolle natuergebieden foar bijgelyks stedsútwreidings, yndustrie, nije diken en de yntensifearring fan de lânbou. It opofferjen fan âlde lânskippen foar ekonomyske belangen.

Wolle wy dit sa troch gean litte? It sette ús oan it tinken....

“de Kening stjêrt” is yn it foarste plak in humoristysk stik. It giet oer loslitten en ôfskie.

Dizze swiere tematyk is ferpakt yn de prachtige metafoar fan it krimpjende keninkryk mei in minslike kening yn in taal dy’t sawol komysk as poëtysk is.

Om’t de Kening yn it stik wol wat oerienkomsten hat mei de echte Kening fan ‘e greide; de skries, ha wy foar in iepen stik greidelân as lokaasje keazen.

Binne der no minsken dy’t dit lêze en it leuk en foaral ek gesellich taliket om op wat fan manier ek, te helpen, meldt jim oan by ien fan de toanielferieniging. Vele handen maken licht werk. Tink net te gau dat it niks foar jo is!

Foar de minsken mei facebook; sykje op ‘de kening stjêrt’ en diel dizze pagina sa folle mooglik fansels. Wy hoopje dêr regelmjittich wat nijtsjes en de gong fan saken op te setten. Ek sille der aanst nijtsjes op www.it-heidenskip.nl komme ter stean.

Minsken wa’t je oan ‘e jas lûke kinne foar fragen en oanmeldingen:

Caro-Lien Kampen, Betty Bakker, Klaasje Ylstra, Evert Ettema, Johannes Plantinga
Ytsje Kramer en Ytsie Galama.

En mailadres: carolienkampen@live.nl